

Wearden, hâlding, kennis en feardichheden (VAKS) foar de kompetinsjes fan dosinten op it mêd fan meartalige pedagogyk en global citizenship education.

In dosint dy't him of har ynset foar Global Citizenship Education (GCE) en meartalige pedagogyk hat meastentiids in ferskaat oan wearden, hâldingen, kennis en feardichheden op dizze mêden. Yn dit ramtwurk presintearje wy in pear kearnkompetinsjes dêr't sa'n dosint mei alle gedachten oer beskikke sil. We ferwachtsje net dat dit ramtwurk in kompleet oersjoch jout, mar wy hoopje dat it in handich helpmiddel ta refleksje is foar wa't graach GCE en meartalige pedagogyk ûnderwize wol.



Wearden

As dosint...

1. ...sjoch ik mysels as in wrâldboarger.
2. ...wurdearje ik talich en kultureel ferskaat.
3. ...fiel ik mysels ferantwurdlik om yn aksje te kommen foar mondiale fraachstikken.
4. ...set ik mysels yn foar ekologyske duorsumens.
5. ...set ik mysels yn foar sosjale rjochtfearichheid.
6. ...leau ik dat pedagogyk basearre wurde moat op wearden fan empathy en meiliben.
7. ...respektarje ik de identiteit, stim en it rjocht op in eigen miening fan myn learlingen.
8. ...wurdearje ik dat myn learlingen meidogge oan de besluten en wurkwize fan de klasse.
9. ...fyn ik it fan belang dat myn learlingen leare om kritysk nei te tinken oer hâlding en gewoanten.
10. ...fyn ik dat myn learlingen stipe wurde moatte yn it ûntwikkeljen fan in ferantwurdlikheidsgefoel foar en frijheid fan aksje by it oanpakken fan mondiale fraachstikken.



Hâlding

As dosint...

1. ...stean ik iepen om nije feardichheden oan te learen op it mêd fan meartalige pedagogyk en global citizenship education.
2. ...wol ik graach tolerânsje, in iepen geast en nijsgjirrigens promoatsje by myn learlingen.
3. ...fyn ik it wichtich om nei te tinken oer myn eigen hâlding en gewoanten.
4. ...fyn ik it fan belang dat it ûnderwiis respekt promoatet foar alle typen fan ferskaat.
5. ...bin ik ree om yn myn klasselokaal it petear oan te gean oer gefoelige en kontroversjele ûnderwerpen.
6. ...daagje ik myn learlingen graach út om in mondiaal perspektyf yn har tynzen oan te nimmen.
7. ...stean ik iepen foar de taalkundige en kulturele eftergrûn fan myn learlingen.
8. ...wol ik aktyf wurk meitsje fan de taalkundige betûftens fan myn learlingen.
9. ...wol ik myn learlingen stimulearje om kritysk nei te tinken oer mondiale fraachstikken.
10. ...set ik my yn om myn learlingen te learen hoe't se in ferantwurdlike wrâldboarger wurde kinne.



Kennis

As dosint...

1. ...ha ik weet fan it ferskaat oan kultueren.
2. ...bin ik op de hichte fan inkelde fan de útdagingen dêr't minsken foar stean yn ferskate dielen fan de wrâld, op it mêd fan sosjale rjochtfearigens en tagong ta helpmiddels.
3. ...ha ik begryp foar de basisoarsaken fan earmoed en ûngelikens yn de wrâld (lykas Europeesk kolonialisme).
4. ...bin ik bekend mei de Universele Ferklearring fan de Rjochten fan de Minsk.
5. ...ha ik ferstân fan guon problemen dy't de grûnslach foarmje fan ymmigraasje op wrâldskaal.
6. ...bin ik my der bewust fan dat fan guon fan myn konsumpsjegegewoanten in effekt ha op de minsken en it miljeu yn oare dielen fan de wrâld.
7. ...begryp ik dat taal wichtich is foar de identiteit fan persoanen en spesifyk dy fan myn learlingen.
8. ...bin ik op de hichte fan de talen dy't myn learlingen brûke en prate.
9. ...ha ik strategyen oanleard om myn learlingen te stimulearjen om har meartalige eftergrûn te brûken foar sosjale en ûnderwiiskundige doelen.
10. ...wit ik dat talen en it brûken fan taal ferbân hâlde mei machts- en statuskwetsjes.



Feardichheden

As dosint bin ik yn steat om...

1. ...myn learlingen te stimulearjen om kritysk en ûnôfhinklik nei te tinken.
2. ...learlingen te helpen om harren bewust te wurden fan represintaasje yn media, benammen de stimmen en it delsetten fan bepaalde sosjale groepen.
3. ...learlingen sjen te litten hoe't se de oarsprong en ymplikaasjes fan harren eigen oannamen ûndersykje kinne.
4. ...learlingen út te daagjen om harren dwaande te hâlden mei yngewikkelde lokale/mondiale ûntjouwings (lykas sosjaalekonomyse ûngelikens).
5. ...it bewustwêzen fan learlingen fuort te sterken dat harren karren of gebrek oan aksje ynfloed ha op har eigen libben en dat fan oaren.
6. ...learlingen sjen te litten hoe't se alle soarten fan ferskaat wurdearje kinne en dêr fan leare kinne.
7. ...learlingen te begelieden om de oarsaken en konsekwinsjes fan konflikten út ferskillende perspektiven wei te analysearjen.
8. ...meartaligens te promoatsjen, ynklusyf regionale talen, minderheids- en ymmigrantetalen.
9. ...learlingen bewust te meitsjen fan machts- en statuskwetsjes yn talen en it gebrûk dêrfan.
10. ...learlingen oan te learen hoe't se harren ferskillende talen brûke kinne as helpmiddels.